FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Ynspeksje fan it Underwiis
Kantoar Grins/Groningen
Cascadeplein 10
9726 AD Grins/Groningen
Postbus 706
9700 AS Grins/Groningen

Drachten, 21 juny 2007

Underwerp: *toetsing taal- en ûnderwiisbelied op skoallen*

Achte ynspeksje,

Us *Feriening Frysk Underwiis*, in organisaasje fan belanghawwenden op it mêd fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer, hat it bestjoer en direksje fan basisskoalle *'t Foarhûs* te Drachten in heal jier lyn en jitris trije moanne lyn oanskreaun oangeande fiergeande negative útspraken yn it *Friesch Dagblad* oer it ûnderwiis yn it Frysk yn ús Provinsje en op har skoalle yn it bysûnder. Op grûn fan wat wy dêroer lêzen hiene, hawwe wy ús ta it bestjoer en de direksje rjochte om harren better te ynformearjen en te konfrontearjen mei har Frysk-ûnfreonlik taalbelied en ûnderwiis.

Omdat wy allebeide kearen gjin inkelde reaksje krige hawwe fan bestjoer en direksje, rjochtsje wy ús no formeel ta jimme mei it fersyk om it taalbelied en de kwantiteit en de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer op dy skoalle te toetsen, mei yn it ljocht fan de *ynternasjonale en nasjonale wet- en regeljouwing* op dat mêd, en it neistribjen fan de *kearndoelen* foar it Frysk nei te gean. It liket ús tige sinfol om dêr de goed te ferdigenjen *oanbefellings* fan *Mercator* foar de Rie fan Europa[1] by te beheljen en ek it *beslút* fan de minister fan OCW om (aanst) in *wurdearringsramt* Frysk te hantearjen. En, as ús oardiel korrekt is, oan te stean op it ûntwikkeljen fan in *ferbetteringsplan* dat dêr rjocht oan docht.

Mei rju achtinge,

drs. T. Dykstra, foarsitter
drs. S.T. Hiemstra, skriuwer

Bylagen:
Us brieven fan 18 desimber 2006 , 12 maart 2007 en 20 juny 2007 oan skoalle en bestjoer.

[1] Ferl.: B. de Jager en C. van der Meer, *The Development of Minimum Standards on Language Education in Regional and Minority Languages*. Ljouwert/Leeuwarden: Mercator, maart 2007: "When countries ratify the Charter at level ii for primary school, this implies more than **six** hours a week of minority language education" (s 26). Nederlân hat it *Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* ratifisearre foar Fryslân.